

Doarpsfeest

útbrocht op de CD In priuwke fan Tsjoch

kearsang: *it is feest, it is feest, it is feest yn it doarp* G C G
 alle minsken binne blier Eb7 D7
 dit is de moaiste dei fan 't jier Eb7 D7
 de flagge stiet wer op 'e toer G C
 en nimmen seurt mear earne oer A7 D7

earst de optocht fan de fersierde weinen C7 Bb7
dy sette krekt útein of it begjint te reinen G F
mar it komitee dat lit him net werhâlde Em A
en dus bin alle berntsjes noch wikenlang ferkâlden Eb7 D7
want dy sitte kreas teplak, as in ierdbei op in bak G C7 G Bb7
of in kerske op in taart, of in joker op in kaart G C7 G Bb7
mei kâlde snútsjes yn ferweakke krêppapier A7 D7
de ferve rint yn straaltsjes troch har hier Eb7 D7

kearsang:

dan de seiskamp, in ploech fan eltse strjitte
dy bin sa fanatyk, kin in oar net winne litte
de achterdyk dy spilet wer gemien
en dus is't mei de frede op ús doarpsfeest al gau dien
de rapen binne gear en de fûsten hingje klear
de spilers binne poer, har eagen sjitte fjoer
it komitee dat blust de brân mei in fet bier
mar de wikselbeker wiksel net fan't jier

kearsang:

de priisútrikking fan de strjitfersiering
is fansels ek wer in hiele iepenbiering
en omdat de sjury it net earlik docht
wurdt de winnende fersiering fuort mar fan de peallen skuord
en olé. olé, olé dan komt noch de matinee
wy hosse oer de flier op de lêste liters bier
op it ein leit eltsenien wat yn 'e sûs
en de fjochtersbazen yn it sikenhûs

kearsang: